

Wat in besiking!

Koart ferhaal skreaun troch Elvira Bonafacio
as part fan it Other Words projekt,
Noard-Ierlân 2018



oarewurden
|||

bestehitzak
|||

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



Oersetting: Eric Hoekstra

*“Fûgels fleane en
ferkenne oare streken
wylst se trou bliuwe oan
har eigen aard”*

Mei de skoaltas stiif ûnder de earms en de holle wat nei ûnderen ta, sjaggelet Teili op 'e taallokalen ta.

“Sjit op, slak,” seit ien efter Teili.

De wifkjende hannen dy't de skoalletas fêst holden, keare no ta fûsten. Teili skuort eagen op lilc as in toer en sjocht nei it famke dat de opmerking makke. Teili rint op in lytse ôfstân efter it famke oan en sjocht noartsk oant it famke it leslokaal Papiamento yn stapt.

Yn alle steaten, mar tagelyk ûnwis rint Teili itselde leslokaal yn.

Se sjocht fuort wêr't de pestkoppen sitte en siket in strategysk plakje út dêr't se har begnuve kin sûnder te ticht by har te wêzen.

“Haiman... Hanmanty...”

“Hi-hi-hi-hi-hi-hi...” it lytse ploechje learlingen dat Hollânsk praat begjint te laitsjen.

“...frou Martina.” seit de learares dy't de skea besiket te repararjen.

Teilis is it sêd en reagearret troch te sizzen: “Juf, de skoalle is trije moanne lyn begûn en noch altyd kinne jo myn namme net goed útsprekke!”

“Och, jongfaam, do witst dat ik net goed mei nammen bin. It is ek de lêste les fan 'e dei, nim it my net kwea ôf.” seit de learares om Teili del te bêdzjen.

Wylst de learares fierder giet mei it foarlêzen fan 'e nammen, pakt Teile har pen en skriuwt Haimentely Conzewits Josefina Martina op 'e foarkant fan har boek.

“Is dat dyn hiele namme?” freget in freondintsje dat njonken har sit benijd.

Teili glimket en knikt.

“Do makkest in grapke! Wa wie sa kreatyf, dyn mem of dyn heit?”

Teili's freondin freget fierder en begjint dan te fertellen hoe't it kaam dat sysels twa foarnammen en twa efternammen hat.

Wylst Teili taharket, begjint se har namme op it boek te fersieren en seit dan:

“Myn gefal liket wol wat op dines. Beppe fertelde my dat der fûl diskusearre waard ear't se it lykfine koene. Heit woe my ferneame nei syn mem, ús beppe dy't al dea is. Oare beppe, de mem fan Mem, woe ús religieuze tradysje folgje en ferneam my nei de hillige dy't by myn bertedei past, neffens it boekje fan Bristol . Mar Mem, de koppichste fan alle trije, hold fol dat in kombinaasje fan nammen brûkt wurde moast: har namme, Sharentely, en ek heit syn namme, Haime. Uteinliks wie elkenien tefreden, want ik krige alle trije nammen.”

“Hahaha, ik mei dyn mem wol lije...”

Teili's freondintsje kriget net de kâns har sin ôf te meitsjen, want de learares freget elkenien om acht te slaan op wat op it skoalboerd skreaun is, want dan kin se fierder mei de les.

“Okee. As wy dy wurden sjogge, diversiteit en identiteit, dan is de earste fraach dy't helpt om dy wurden op te helderjen: Wa bisto? Rihanna, wat betsjut dyn identiteit foar dy?”

Mei in protte fjoer en in Hollânsk aksint antwurdet Rihanna: “De skoalle dêr't ik op sit, de minsken dêr't ik mei omgean en wat ik oan haw...”

“Hiel goed Rihanna,” sit de learares posityf.

“Mar juf, ik bin noch net klear. De namme dy't Heit en Mem my joegen, heart er ek by,” seit Rihanna, dy't de learares yn 'e rede falt en nei Teili sjocht.

De klasgenoatsjes dy't yn it lytsje ploechje by Rihanna sitte, en guon oaren yn it leslokaal begjinne te laitsjen, mar de learares slacht gjin acht op har en ferfettet: “Dat is korrekt!

As wy trou binne oan ús woartels en ús kultuer, kin de wrâld al wat fan ús witte troch ús nammen: wêr't wy wei komme en sels wat wy leauwe. Mar, spitigernôch binne der heiten en memmen dy't sportfans binne of fans fan beskate artisten, en se kieze derfoar en ferneam har bern nei sporthelden en bekende lju. En dy lju witte net iens dat har bern besteane.”

De learares winket nei Teili en giet fierder mei de les.

“Allemachtich!” roppe de bern yn 'e klas.

Teili glimket tefreden en giet fierder mei it meitsjen fan oantekeningen.

Krekt foar't de bel giet, werhellet de learares: “Húswurk: gean yn 'e tún sitten of op it strân en observearje de natuer. Skriuw alles op wat dy opfalt en bring it sa goed mooglik ûnder wurden.

Skriuw dan 4 haiku's oer gelykheid en ferskil, yn ferbân mei dy dingen dy't dy opfallen wiene.

Wês kreatyf en nim foto's mei!”

De bern fleane hastich de klas út om nei hûs ta, en dat docht Teili ek, mar as se krekt út it klaslokaal is ...

Yn it kantoar fan it skoalhaad

“Haimentely Martina, dit hie ik fan dy net ferwachte. Sjoch! Sjoch watst dien hast! Blau each, skrammen op it gesicht, it skoalunifoarm stikken, dit is ûnakseptabel!”

Teili sjocht triomfantlik nei Rihanna, dy't njonken har sit mei de eagen nei ûnderen en se hâldt in kâld pak iis yn 'e nekke om it bloed te kearen dat út har noas komt. It is eigen skuld, of se toant wat respekt, of oars lear ik it har wol, tinkt Teili by harsels en glimket.

Wylst it skoalhaad Rihanna freget hoe't dit kommen is, tinkt Teili werom oan hoe't it begûn...

Wy hiene Ingelske les op 'e moandei fan 'e twadde skoalwike. Ik moast útlizze wat der yn in ûnderdrukt persoan omgiet.

Omdat ik net goed bin yn Ingelsk, die ik dat leaver yn Papiamentu, wat ik earder al die by oare lessen. Rihanna, dy't har by Hollânsk mear op har gemak fielt, makke beswier troch te sizzen dat ik Hollânsk prate moast, want dat is de offisjele taal fan ús lân en de taal dêr't op ús skoalle yn lesjûn wurdt. It bloed sette my nei de holle en ik waard dûm.

‘Wa tinkt Rihanna wol dat se is, se komt nei MYN lân en belet my om dingen út te lizzen yn myn eigen taal.’ Ik sette har op har plak troch har in pear dingen dúdlik te meitsjen yn sawol Papiamento as Hollânsk.

“Kinsto dyn hâlden en dragen útlizze, Haimentely?” brekt it skoalhaad yn op Teili’s tinzen.

“It is simpel, menear. Elke learaar hjir op skoalle wit wat der bart, mar gjinien docht der wat oan. Rihanna stekt ús de gek oan omdat wy Papiamento sprekke and se hat de gek mei ús tradysjes. Se tinkt dat elkenien dy’t Papiamento praat dom is en grutbrocht is yn 'e bush-bush... dat hjoed haw ik har sjen litten hoe't ûnbeskaafde minsken beskaafde minsken respekt bybringe.”

It skoalhaad is feralterearre en lilk: “Is dat wier, Rihanna? Hast dat sein?”

De útdrukking op Teili har gesicht makket dat Rihanna de holle wol bûge moat en jou it ta.

“Dat is narjen en rasisme, en dat steane wy op dizze skoalle net ta! Dyn heit en mem kinne omsjen nei in oare skoalle foar dy. Us skoalle hat gjin plak foar bern mei soksoarte fan hâlden en dragen.”

It skoalhaad hie skjûn syn nocht fan dizze tastân. Syn skoalle hie nea it plak west dêr't ditsoarte fan ynsidinten plak fûn, mar dit skoaljier hie er in protte diskusjes opfongen tusken Rihanna, Teili en in pear oare studinten. En dit lêste gefjocht wie de drip dêr't de amer fan oerrûn.

Rihanna wurdt rea om 'e holle en de triennen streame har oer de wangen, as in wetterfal. Se knibbelet foar it skoalhaad del en smeket: “Nee, nee, net fan skoalle ôf... Ik sil it net wer dwaan... Ik sil myn bêst dwaan... It muoit my! Teili... myn ekskuzes.”

Rihanna wit net wat se moat. It idee dat se fan skoalle stjoerd wurdt, makket har sa kjel dat se yn panyk rekket. It earste dat by har opkomt is hoe sneu oft it is foar har mem nei alles dat se dien hat om har op dizze skoalle te krijen. Se kin har net yntinke dat se nei in oare skoalle ta moat midden yn it skoaljier en dat se nije freonen opdwaan moat.

Wat mear as se it yn har omgean lit, wat hurder as se skriemt. Se sjocht op, lyk yn 'e eagen fan Teili. Mei reade eagen en reade noas, wylst har stim en har lea trilje, kriget Rihanna Teili by de skonk beet en smeket: “Teili, ferjou my. Ik sil it net wer dwaan.”

Teili har selsfertrouwen groeit by it byld foar har. Har eagen strielje en in glim om 'e mûle jout oan hoe tefreden oft se hjirmei is. Sûnder in wurd te sizzen sjocht se op Rihanna del en tinkt: Lang om let, rjochtfear dichheid. Ik woe datst nei in skoalle ta moast dêrst ferplichte waardst om Papiamento te sprekken, en dêr't se dy martelje ast dat net dochst, dan kinst fielle wat ik field haw...

Likegoed, wat Teili net troch hat, is dat it pas oer is as de lêste ko yn it hok is.

Letter by Beppe thús

“Teili, kom hjir ris en fertel wat der hjoed op skoalle bard is.”

“Beppe, wit Beppe noch fan dat Hollânske famke dêr't ik it oer hân haw dy't my it libben soer makke op skoalle?”

“Hokker? Dy't oan it begjin fan it skoaljier sei dat, no't se yn Curaçao wennet, is it minste wat se dwaan kin Papiamento leare te sprekken?”

“Ja, dy! No, sy en har freonen hawwe my oan ien trie wei nitele en dien. Se sizze hieltyd gemiene dingen oer minsken dy't Papiamento sprekke. Se hawwe altyd de gek mei ús gewoanten en oanwensten.”

“Is dat sa?!” seit Beppe wylst se ophâldt yn har skommelstoel te skommeljen en har bril wat oantriuwt, as soe har dat helpe om better te hearen.

“Beppe, al sûnt se foar de earste kear de mûle opdienne, wie it as ferklearren se my de oarloch, want se lizze my altyd leech as ik yn 'e klas oan bar bin, of wêr't ik se mar tsjin kom.

Ik haw it tsjin meardere leararen sein, mar se tinke dat ik oerdriuw. Myn mentor is de iennichste dy't der tsjin har wat fan sein hat.”

“Is dyn klasmentor de learaar Papiamento?”

“Ja, dy is it. No, Beppe, ik hie skjinn myn nocht fan dy marteling ivich en erflik. Hjoed kaam ik ta it beslút dat ik net langer nei skoalle ta wol om al dy misledigingen oer my hinne gean te litten dy't dy bespotlike bern útkreamde omdat se tinke dat se better binne as in oar. Yn 'e les Papiamento hiene se de gek mei myn namme. Doe't wy út it klaslokaal rûnen, sei se tsjin my dat ik de namme hie fan ien dy't yn 'e bush bush wennet. Beppe, ik waard hielendal dûm.”

“Mar, Teili... hat Beppe dy net leard om oant tsien te tellen eartst wat seist of dochst ast lilc bist?”

“Beppe, ik ademe djip yn en telde oant tsien. Mar doe heakke se deroan ta dat se benijd wie op wat foar bist as myn mem like, omdat it dúdlik wie dat allinnich in bist har bern sok in nuvere namme jaan soe.”

De mûle foel Beppe iepen en se hold de hannen foar de mûle, as wie se oan it bidden. “Beppe, ik hearde myn namme, ik telde oant tsien, doe hearde ik dat Mem ferlike waard mei in bist, en ik sei tsjin mysels, genôch is genôch. Ik sloech har tsien kear sa hurd as ik koe mei de fûsten. Wa tinkt se wol dat se is, om Mem sa te misledigjen?”

Wylst Teili Beppe fertelt hoe't it gefjocht begûn en ôfrûn, komt Beppe in diskusje yn it sin dy't se ferline wike mei har dochter hie, de mem fan Teili. Myn dochter begrypt net wat foar ympact har fiellen fan minderwaardichheid, dy't se foar in Europeeske geasteshâlding oansjocht, op har dochter hat. Se kiest derfoar om Europeanen nei te dwaan en tagelyk ûnderskat se en docht se neat oan har eigen Curaçaoske woartels.

Se woe Teili net nei in skoalle op 'e buorren stjoere, want se wie fan betinken dat in skoalle mei Papiamento as ynstruksjetaal in belemmering wêze soe foar har dochter yn har fierdere libben. Se sei dat Teili's skoalle in goede skoalle is, en in soad fan 'e learlingen hawwe sukses yn Nederlân. Mar dy Hollânske skoalle dy't fan har dochter, tinkt se, in winner meitsje sil, dêr wurdt har dochter net bliid fan.

“Beppe, it fielde goed doe't Rihanna krige wat se fertsjinne, en it fielde noch better doe't se har ekskuzes oanbea. Mar no wurd ik der net bliid fan.”

“Hoe dat sa, Teili?”

“Beppe, jo moatte witte, Mem makke my ferwiten doe't wy nei jo ta kamen. Se sei hieltyd tsjin my: ‘Witst wat ik allegearre dwaan moast om dy op dy skoalle te krijen, en no setst my sa foar skut?’ Beppe, ynstee fan begryp foar my te hawwen, tinkt Mem noch altyd dat ik mei de learaar prate moatten hie ynstee fan der sels mei te rêden. Mar ik koe it net langer ferneare!”

Teili fielt har machteleas en begjint te gûlen, en mei in heech en triljend lûd seit se: “Hoe komt it dat wy, dy't Papiamento prate, fol sitte mei minne eigenskippen en dat wy om goed te wêzen mear op Europeanen lykje moatte?”

Wêrom moatte wy ús stil hâlde, alles slikke, ús ûnderwerpe en tastean dat oaren mei ús dogge wat sy mar wolle? Beppe, der binne noch guon, sels leararen, dy't tinke datst mei it Papiamento neat kinst.”

Beppe leit in pear kear de hân by Teili op 'e holle om har del te bêdzjen en seit:

“Stil mar, leave, it is net allegear swart-wyt yn 'e wrâld.”

Mar Teili begjint hurder te gûlen. Se docht de earms om Beppe' skonken en leit it de holle by har yn 'e skerte en seit: “Ik tink dat ik berne bin yn 'e ferkearde famylje en it ferkearde lân. Wat in rotdei doe't ús mem it yn 'e holle krige om my op dy rotskoalle te dwaan!”

Teili wie net te treastgjen. Se fielde har ferslein. Har beppe, dy't Teili's fertriet meifielde, besiket har mei in ferhaal wat op te fleurjen.

“Teili, leave, witst, watsto trochmakkest, dat liket wol wat op ús koloniale skiednis. Dyn striid hat in protte wei fan de striid foar ús taal, Papiamento.”

Teili hâldt op fan gûlen en sjocht ferheard op.

“Witst wol dat it noch mar hiel koart is dat Papiamento op skoalle jûn wurdt? Doe't ik nei skoalle ta gie, wie it sels ferbean om Papiamento op it skoalplein te sprekken. Wy krigen straf at se ús dêrop betrapen en helte slimmer, der wiene guons dy't har der sterk foar makken om Papiamento bûten alle offisjele saken te hâlden. In protte lju hawwe der jierren foar striden om de taal offisjeel erkend te krijen. Lykwols – mei't ús minsken jierren lang of better sein iuwen lang yndoktrinearre waarden om te leauwen dat se neat koene mei wat harres wie, dat se net by steat binne te dwaan wat se wolle, of dat se net goed genôch binne yn ferliking mei oaren – dêrom binne der sels no noch guons dy't dat leauwe.”

Teili giet rjochtop sitten en hellet djip adem. Granny faget har it gesicht droech en giet fierder:

“Se lykje wol robots dy't programmearre binne om sa te tinken en se hawwe in antyfirus ynstallearre dat alles ôfwiist dat har manier fan tinken feroarje kin.”

“Beppe, betsjut dit dat Mem har manier fan tinken liket op dy fan 'e robots en dat se har programmeare litten hat troch de Hollanners?”

Beppe gnysket en ferfettet, “leave, minsken sa tinke litte oer harsels en har kultuer, dat is net inkeld de Hollanners eigen, mar alle kolonialen. Doedestiids, yn it koloniale tiidrek, leauden se net yn diversiteit. Se hiene der gjin each foar dat alle blommen eigen kleuren hawwe, en dat alle blommen mei-inoar in prachtich blomstik foarmje. Yn dy tiid wie it of do dochst wat ik sis of ik sil dy derta twinge.”

“Wat bedoele jo dêrmei?” freget Teili ferheard.

“Harkje, leave. Ast de skiednis bestudearrest, krigest yn 'e rekken dat alle koloniale gebieten op deselde wize eksploitearre waarden: de kolonialen nimme in stik lân yn en sizze tsjin oaren dat it harres is, se meitsje elkenien dea dy't him ferset, en se ferplichtsje de oaren te dwaan sa't sy dogge. Dat slagge har troch it ûnderdrukte folk dreech wrotte en wrame te litten en troch har ôfhinklik te meitsjen fan 'e kolonialen foar iten en sa foar har hiele ekonomy. Boppedat joegen se it ûnderdrukte folk ûnderwiis, sadwaande dat se fan har it soartemint lju meitsje koene dêr't de kolonialen fertuten fan hiene; yn oare wurden, lju dy't net foar harsels opkomme, dy't net yn harsels leauwe, en dy't de kolonialen nedich hawwe om it libben te hâlden. De wurklikheid is dat alle kolonialen dat dien of besocht hawwe. Guon hiene mear sukses as oaren, mar op 'e hiele wrâld wie it itselde ferhaal; de slachtoffers fan 'e kolonialen moasten faak har identiteit opjaan, wa't sy wiene, om it libben te hâlden.”

“Betsjut dit dat Mem net en ik net en nimmen net fan ús wit wa't wy binne?”

“Nee, nee, nee, leave Teili. Sa min is it ek wer net. Robots dûnsje maklik oan in triedsje en sille dwaan wat se programmearre binne te dwaan, mar sa is it net mei minsken. Mar, leafste, wêrom giest net ûnder de brûs, dan wurde de lea en de holle dy wat minder hjit, wylst Beppe wat iten foar dy klear makket. En dan, ast wat ytst, kinne wy fierder prate oer ús identiteit, oer wa't wy binne en oer ús skiednis.”

By de gearkomste fan 'e leararen dy wike

“Ik bin it der net mei iens. Der binne ûnderwiiswetten dêr't wy ús oan hâlde moatte, mar der binne ek minskerjochten dêr't wy rekken mei hâlde moatte; en neffens myn betinken hawwe dy lêste mear by te setten as dy earste. Hoe is it mooglik dat in pear heiten en memmen har wil sa oplizze kinne?”

Omdat se yn ús âlderkommisje sitte, moat ús skoalle alles mar oannimme wat se sizze? Se tinke net allinnich dat har bern mear kânsen ha moatte as de oaren, mar ek dat wy har foarlûke moatte: se wolle dat wy har bern fan 'e iene groep yn 'e oare sette, dat se in oare klasmentor krije, dat se in frijstelling foar Papiamento krije... wurd ris wekker! Wêr binne wy mei bezich?" seit de learares Papiamento lilik, dy't ek Teili's en Rihanna's mentor is.

"Ik begryp dat jim fan streek binne, mar wy steane mei de rêch tsjin 'e muorre. Minne publisiteit docht ús skoalle gjin deugd, en dy âlden drage altyd by oan ús skoalle as it nedich is," is de reaksje fan it skoalhaad.

De emoasjes rûnen heech op. De learaar Papiamento fiede har ferret. De leararen dêr't se fan tocht dat dy har stypje soene, holden har stil, en de oaren stipen Rihanna.

"Soa, dus wy ferjitte rjochtfeardichheid en geane foar prestiizje en jild? Haw ik dat goed begrepen?" besocht de learares Papiamento it foar de lêste kear.

It skoalhaad spruts fuort de learares op har ynsinuaasje oan en frege doe oft men fierder koe mei de oare items op 'e wurklist. De gearkomste gie fierder yn it Hollânsk lykas wenst.

It is bespotlik, tinkt Teili's klasmentor by harsels, fiif lju begripe gjin Papiamento, en no moatte mear as tweintich fan ús har konformearje en Hollânsk prate, inkeld omdat de ynstruksjetaal op ús skoalle Hollânsk is. Jonge, jonge!

De learares kaam fol argewaasje fan 'e gearkomste werom. Net inkeld omdat de mearderheid foar Rihanna's weromkear stimd hie, mar ek omdat har kollegaatsjes har net holpen hiene. Dy't oars sa grutsk op har stipe oan it Papiamento wiene, holden har no de mûle.

Mar wy ha de ein noch net, tocht Teili's klasmentor by harsels, ik meitsje der in persoanlike striid fan.

Twa wike letter by de les yn it Papiamento

“Rihanna, do bist no. Neam ris trije dingen dyst leuk fynst oan 'e minsken fan Curaçao?”

Rihanna fielde har net noflik, mar se wist dat se oars net koe as in antwurd betinke.

Lykwols hold Rihanna lang de kiezzen opinoar.

“Kin ien fan dyn freonen dy helpe?” frege de learares.

Nochrisom koe men in spjeld fallen hearre.

“Teili, kinst ús trije dingen fertelle dyst leuk fynst oan 'e Hollanners?”

“Fansels, juf. Se binne tige goed yn it saken dwaan, se binne direkt, en se binne sunich... ik bedoel, se witte hoe't se har skiep op it droege krije moatte.”

De hiele klas begûn te laitsjen.

“Goed dien, Teili. Dat binne goede eigenskippen dy't wy graach yn oaren sjogge.

Rihanna, is dy al wat yn it sin kommen?”

“Ja, juf,” antwurdet Rihanna ferlegen, “de minsken fan Curaçao kinne geweldich itensiere en ... se witte hoe't se har fermeitsje moatte.”

“En as wy diger taharke hawwe, is dit wat wy diversiteit neamme,” en de learares knypeaget nei Teili. “Wy moatte leare aardichheid te hawwen oan wat oaren hawwe dat wy sels net ha, sûnder te tinken dat it gers oan de oare kant griener is of dat wy itselde as har wêze moatte. Der is gjin goed of kwea yn diversiteit. Der binne ferskillen. Lit ús dat net ferjitte by de húswurkopdracht, dy't te krijen hat mei ús nije projekt en mei ús presintaasje, dy't oer twa moanne wêze sil op 'e Ynternasjonale Memmetaal Dei.”

Twa moanne letter: Ynternasjonale Memmetaal Dei

It is safier. Bytsje by bytsje is it auditorium bomfol rekke. De seksje reservearre foar alden en besikers wie fol, wylst de sitplakken oan beide kanten fan it poadium, dy't foar de skoalbern reservearre wiene, hast allegear beset wiene. Wa hie tocht dat dit projekt, dat te krijen hie mei de fiering fan Ynternasjonale Memmetaal Dei, sa drok besocht wurde soe?

Der siet in protte ôfwikseling yn it programma, en elke klas hie syn eigen kulturele draai oan 'e show jûn. Der wiene presintaasjes yn it Mandaryn Sineesk mei in demonstraasje knoedelmeitsjen, folge troch in show yn gefjochtskeunst mei Sineeske muzyk derby. De presintaasje dêrnei bestie út in kombinaasje fan trije klassen, dy't gearwurken om sjen te litten hokke ynfloed de Spanjerts op Latynsk Amearika hân hiene. De show wie tige grappich, spesjaal by it hearren nei ûnderskate fariëteiten fan it Spaansk en te fernimmen hoe ritmysk en fol fjoer oft dy etnyske groepen wêze kinne. It skoalhaad seach grutsk hoe oerrinnende fol syn skoalle wie fan multykulturalisme, ko-eksistinsje, en akseptaasje fan inoars ferskillen.

Mar de stimming sloech om doe't de learlingen fan 'e learares Papiamento op it poadium kamen. In tsjinstelling ta oare groepen like it wol as fiteren de presintaasjes fan dizze klas ferdieldheid oan. Teili's groep begûn as earste. Se presintearren in gedicht oer de wredens fan 'e Hollânners yn 'e slavetiid. It gedicht wie smakeleas en paste net by de gelegenheid. It like wol as woene se Rihanna's groep leechlizze.

Rihanna's groep liet dat net op har sitte. Yn in rap song fertelden se Teili's group hoefolle sukses at se as Hollanners hân hiene, en wat har net befoel oan 'e minsken fan Curaçao. Men koe fernimme hoe't de spanning by it publyk grutter waard en it skoalhaad besocht by de learares Papiamento te kommen om in ferklearring te freegjen, mar ear't er by har wie, rûn er hast tsjin in ploechje sjoernalisten op, dy't krekt yn 'e seal kaam wiene om in part fan 'e show te filmjen foar it nijs. It lûd fan tambú and chapi3 koe heard wurde. Teili's groep kaam wer op it poadium.

Se begûnen útdaagjend te sjongen en te dûnsjen foar Rihanna har groep. Elkenien begûn te flústerjen en te freegjen wat der te rêden wie. It skoalhaad, dy't wyls by de klasmentor oankommen wie, frege de learares om tuskenbeiden te kommen, om't de situaasje út 'e hân rûn, hielendal as men betocht dat de parse der ek by wie.

Lykwols, de learares Papiamento, dy't fielde hoe koppich oft se wie en dy't wachte hie op dizze gelegenheid antwurde: “Ik wie it net dy't gjin bern in twadde kâns jaan woe op dizze skoalle.”

Mei reekplommen yn 'e earen besocht it skoalhaad op it poadium te kommen, folge fan de learares Papiamento... mar it wie al te let. De twa groepen stiene rjocht foarinoar oer en, krekt sa't it te foarsjen wie, krigen se spul mei-inoar. Ien bern joech in oar in hoart.

In oar begûn in oar oan it hier te lûken... Leave Santjin! It waard in gaos. It publyk rekke yn panyk. Mar op it stuit dat it skoalhaad en in pear oare leararen op it poadium slaggen om in ein te meitsjen oan 'e strideraasje, wie it lûd fan tambú en chapí wer te hearren, mar mei in oar ritme dat elkenien ferlamme. Wat like op bargebiten feroare yn in teatershow. De learares Papiamento, dy't ek oan it toanielstik meidie, frege it publyk:

“Steane wy wier iepen foar diversiteit, of sitte wy noch fêst yn it ferline? Tinke wy noch altyd dat it gers oan 'e oare kant griener is?”

De learares Papiamento werhelle de fraach op it ritme fan 'e tambú, wylst de learlingen de minsken dy't op it poadium sprongen wiene, wer nei har sitplak werom brochten. Doe't se dêr mei klear wiene, begûnen de groepen fan Teili en Rihanna tegearre op in tambú-liet te dûnsjen. Op healwei yn it lietsje droech Teili in gedicht foar oer har striid op skoalle. Dêrnei feroare de muzyk fan tambú yn tumba en Rihanna song in fleurich liet fol lof oer de eigenskippen fan 'e lju fan Curaçao. By dat liet song en dûnse alleman mei it refrein mei: “Laga historia atras, mi stima bo mane bo ta.” Helje út 'e sleat gjin âlde kij, krekt saste bist hâld ik fan dy.

It skoalhaad stie fersteld, en lyksa de heit en mem fan Teili en Rihanna. De leararen wiene út 'e skroeven. Oan 'e ein krige de groep in steande ovaasje. De twa fammen fleagen inoar yn 'e earms en seine tagelyk: “Knap wurk, freondinne!”

DE EIN